



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o. PEASKEWACH 24 APRIL 2011

Betiide moarn..

Ier yn de moarn komme fan alle kanten
minsken nei de tsjerke.
By it stek fan de tsjerke wurde wy opfongen.



It is stil op it
hôf... dea
stil... en at je
wat sizze
dan dogge
je dat
flûsterjend...
By de
tsjerke

steane tsientallen minsken....



Bûten baarnt in fjoer

De sinne is al op... Wy
begjinne mei te
lûsterjen nei de it
sjongen fan de fûgels...

It koar begjint te
sjongen:

*"Meitsje in fjoer yn 'e tsjustere nacht en nim alle
bangens wei..."*

It sjongen wurdt oernaam...



**De diaken hâldt de
Peaskekears en de foargonger
seit:**

*Kristus,
juster en hjoed
begjin en ein
Alfa en Omega.
yn syn hân lizze
tiid en ivichheid
krêft en hearlikheid
alle ieuwen fan dizze wrâld.
Amen.*

De Peaskekears wurdt oanstutsen

It Ljocht fan Kristus

*dy't yn hearlikheid opstien is.
Mei dit Ljocht
it tsjuster út ús libben banne.*

*De nacht is foarby.
In nije dei brekt troch:
de sinne fan gerjochtichheid
giet oer ús op.
Amen*



Dêrnei geane wy de tsjustere
tsjerke yn.

Yntocht fan it Ljocht

In diaken draacht de Peaskekears
de tsjerke yn. Trije kear wurdt it
'Ljocht fan Kristus' songen. Dat bart
op de drompel, healwei de tsjerke en
by de tafel. De foargonger sjongt:
'Ljocht fan Kristus' en wy
antwurdzje: 'Hear wy tankje jo'.

De lof fan it Ljocht

De diakens jouwe it ljocht no troch
oan de hiele gemeente. It wurdt
ljocht...



It koar sjongt:

*Licht ontloken aan het donker,
Licht, gebroken uit de steen,
Licht, waarachtig levens teken
werp u waarheid om ons heen.*



Dienst van de schriften



1^e lezing is uit Genesis 1: 1-5.
2^e lezing is uit Exodus 14: 9-10
en 15-29. De uittocht uit
Egypte.
3^e lezing is uit Luca 24, 1-12.

De opstanding!

Meditaasje

It wie Palmpeaske, Wite Tongersdei, Goed
Freed en tsjuster. It wachtsjen doarre lang. No
wurdt it ljocht!



Meitsje in fjoer en nim alle
bangens wei. De Peaskekears
is oanstutsen. Diele je bôle
dan wurdt it minder mar diele
je fjoer dan wurdt it mear!
Oer de lêzingen; Jezus makket

it ferskil yn it grêf. Der wie net ien by. En dan is
der ûnleauwen, fertriet, Maria gûlt, it grêf is
leech. Mar har namme wurdt neamd en sy
wurdt wekker. It is hast net te leauwen. It kin
dus oars by ús en de wrâld. Leauwe yn de
goedens fan God en libje út syn perspektyf.
Allegear meie wy de hân troch it doopwetter
helje as befêstiging fan ús doop. Ingrid
Andringa sil doopt wurde en docht belidenis. Sy
is ek in bytsje Maria. Sa meie wy yn it libben
stean mei it mystearje fan Kristus dy't wier
opstien is!!

Wy sjonge it liet:

*'Lichtend breekt de morgen aan,
Stralend rijst de zon.
Luisterrijk gaat zij haar gang,
Overal haar gloed...'*

En oan it pianospel hearre je dat dit in liet is út
de Sjineeske tsjerke.

Belidenis en Doop(betinking)

Wy geane om it doopfont hinne stean.

By doop en belidenis

Presintaasje

Hjir in it hûs fan God is Ingrid Andringa.

Ingrid, wat begearst do?

Ingrid antwurdet: ***Dat ik doopt wurd.***

Wolsto doopt wurde yn de namme fan
de Heit en de Soan en de Hillige Geast? ***Ja, dat
wol ik.***



En mei hokker namme wolsto doopt wurde?
Namme: ***INGRID.***

Ingrid leit hjirnei de doopbelofte ôf wernei't sy
doopt wurdt yn de namme van **de Heit, en de
Soan en de Hillige Geast. Amen.**



Geloften

Dêrnei leit Ingrid de gelofte fan de dopeling ôf.

Ek de gemeente docht in gelofte:

*De gemeente wol Ingrid sa goed at sy kin helpe
te groeien yn dit leauwe en har helpe Kristus nei
te folgjen.*

Elk dy't doopt is, kin no syn of har eigen doop
op 'e nij betinke.
Dat kin troch de hân troch it wetter te heljen.
Underwilens sjonge wy it belidenisliet fan
biskop Tutu:

*'t Goede is sterker as 't kweade
Leafde sterker as haat.
Ljocht is sterker as tsjuster,
Libben sterker as dea
Hy hat oerwûn, Hy hat oerwûn
Syn leafde draacht ús*

Ingrid wurdt ferwolkomme yn de gemeente
en sy krijt de doopkears.

Slotliet

Wy sjonge mei elkoar:


*Kristus is ferriisd mei macht,
Halleluja!
Hillige dei nei neare nacht,
Halleluja!
Dy't ferhege waard oant krús,
Halleluja,
Brocht ús yn Gods frijheid thús,
Halleluja!*

Seine

Foargonger: De Hear is opstien!
Wy: **De Hear is wierlik opstien!**
Foargonger: Gean yn frede.
Wy: Halleluja!

Peaskemiel

Tige fleurich
geane wy mei
elkoar nei de
Fikarij.
Der stiet
Peaskebôle, in aai, kofje en thee klear.



Dêr waard
Ingrid
begroete
troch har
kollega's.



Mei tank oan alle minsken dy't dit mei organi-
searren en eigentlik net op de foto woene..